



Ferkiezingsprogramma V.P.O.

1. Wengelegenheid

It VPO wol mear libbensloopbestindige huzen. Mear huzen bouwe yn de doarpen op bygelyks lokaasjes, wêr't no lege pannen stean en tagelyk ek grûn dy't al yn eigendom is fan de gemeente, beskikber stelle foar huzebou. Tiny houses of segminten bouwe yn de lytse doarpen, sadat de jongerein yn har eigen doarp wenjen bliuwe kin. Eaststellingwerf moat groei kinne yn plak fan krimpe. Nocht om te wenjen fergrutsje troch rekken te hâlden mei rûmte en natuer yn nijbouprojekten. Ek sil de gemeente der om tinke moatte, dat wolstelde minsken út it westen hjir wenje wolle werfoar 't huzen yn it hegere segmint boud wurde moatte. In part fan de nijbouwenten moat earst oanbean wurde oan de eigen ynwenners.

2. Soarchsume gemeente en gemeente yntern

Wy wolle mear belutsenens fan de gemeente nei de ynwenners ta. Dizze belutsenens kin wermakke wurde troch it yn- en útfieren fan ynterne regeljouwing. In oantal oandachtspunten dêryn binne: sa folle mooglik minsken út de gemeente sels, dy't dêr wurkje by de gemeente yn de binnen- en bûtentsjinst. It ynfieren fan it gemeentlik referindum, wêr't de ynwenners by de belangrike beslútfoarming ek wat te sizzen ha. Minder burokrasy, it ferlienen fan frijstellings en fergunnings moat makliker en flotter. Mear tasjen op de gemeente en amtners.

3. Mear transparânsje nei de ynwenners ta.

De gemeente moat mear iepen wêze nei de ynwenners ta. Gruttere plannen moatte yn it foar goed bepraat en hifke wurde., wêrby't de útkomsten fan dizze hifking en it wêrom mei de ynwenners dield wurde.

4. Ferbettering toerisme en rekreaasje

Oan de iene kant wolle wy it oantrekliker meitsje foar toeristen. En oan de oare kant wolle wy de belestingen en leges ferleegje om it ek oantrekliker te meitsjen foar ûndernimmers, Horeka en rekreaasjebedriuwen yn'e mjitte komme wêrtroch toerisme yntensiveard wurde kin. Fierder minder regellêst en it yntrodusearjen fan in eveneminteterrein.

5. In ferstannich ynvestearingsbelied

Wy binne foar ferantwurde ynvestearings dy't úteinlik ten goede komme oan de ynwenners. Wy kieze foar it duorsum ynvestearjen yn de bewenners boppe prestiizjeprojekten. Normaal ynvestearje en yn it foar in helberheidshifking. Ynvestearings fine plak mei belestingjild fan ús ynwenners. Dat betsjut gjin útwrydske ynvestearings. Gjin prestiizjeprojekten foar de griene (wite) fuotsjes en it tsjingeane fan it fergriemen fan jild. Wy kieze foar dynamyske budzjetten sadat bepaalde potsjes net persé opmakke hoege te wurden.



6. Grutte ferbettering soarch

De VPO wol de soarch duorsum meitsje, wêrby't de ynwenner sintraal stiet. Hjirby wolle wy in breed deskundich loket meitsje wêr't eltsenien profesjoneel holpen wurdt en wêr't sjoen wurdt wat de bêste helperliening wêze moat en hoe't wy dat foarelkoar krije. Fierder wolle wy it foar de minsken oantreklik meitsje om hjir yn it gebiedsteam oan it wurk te gean om op dizze manier dizze soarch út te wreidzjen. Foar útwreiding fan gebiedsteams kin men tinke oan ferskillende opliedingstrajekten foar wurksikers om dêrmei personielsútwreiding fan gebiedsteams makliker te meitsjen. De minsken dy't dêr al wurkje de mooglikheid jaan om ek in oplieding te folgjen, beide as it needsaaklik is, bygelyks mei subsydzje. It doel hjirfan is om bettere soarch te krijen yn de gemeente.

7. Oergong fan enerzjy.

Ferduorsumjen giet neffens de lanlike aginda 2050. Hjirby wolle wy net foarop rinne mei onnoadige kosten dy't dat mei him meibringt. It gebrûk fan gas behâlde oan't der goeie en duorsume oare mooglikheden beskikber binne. Gjinn útwreiding fan nije en besteande sinnefjilden, gjinn ûntsiering troch wynmûnen. De oergong mei net ten koste gean fan natuer en gebieten wêr't goed huzebou ensfh. komme kin. Sinnefjilden en wynmûnen fan joed de dei binne yn gjinn gefal duorsum en kinne net oansluten wurde op it stroomnet. Gjinn jild stekke yn enerzjy-oergong as it resultaat nihyl is. Subsydzjes foar sinnefjilden en wynmûneparken werom loeke en hjirmei sa folle mooglik it plattelân yn stân halde.

8. Aldereinsoarch

Hjirby kiest de VPO foar mear oandacht foar de âlderein, wêrby't de fokus leit op de rezjy fan eigen libben. It tsjingeane fan iensumens. Soarchwenningen yn'e rekreaasjegebieten en mobiliteit ferbetterje troch it feiliger meitsjen fan ferkears situaasjes, bygelyks it meitsjen fan mear oerstekplakken by drokke krúspunten of pleinen.

9. Jongerein

Foar dizze generaasje wol de VPO bettere omstannichheden meitsje en help útwreidzje. Tink hjirby oan aktiviteiten foar de jeugd, bygelyks sport- en útgeansgelegenheden. Mar ek oan it útwreidzjen fan it gebietsteam as ien help noadich hat. Werombringen fan kriminaliteit en ongeregeldheden ûnder jeugd troch begelieding en tasicht. Underwiismoglikheden útwreidzje troch lokale dependânses fan hegere skoallen yn te stellen, bygelyks Agri/Terra/ensfh.

10. Boeren

Eaststellingwerf is in prachtige plattelânsgemeente wêr't boeren, har lân en bisten in wichtige rol spylje. As rentmasters fan har grûn ha sy, krekt as alle ynwenners fan Eaststellingwerf, belang by in sûne boaiem, in ryk boaiemlibben en in goed miljeu. VPO is bliid mei ús boeren en mei tank oan'e boeren hat it lânskip ek sa'n ferskaat sa't wy it graach sjogge. Dêrmei nimme wy de folgjende stânpunten yn: fruchtbere grûn bliuwt lânbougrûn wêr't ús boeren sûn op buorkje kinne en in goed ynkommen fertsjinje kinne. Net noch mear lânbougrûn opofferje oan natuergebieten, wêrtroch allinnich de natuerwearde daalt. Gjinn ekstra lânbougrûn ferlieze oan sinnesellen, mar stimulearje dat just de daken fan'e skuorren en loadsen fan boerebedriuwen brûkt wurde as plak foar sinnesellen, mar allinich as it stroomnet yn dat gebied dêr geskikt foar is. Minder regels, te begjinnen



mei it trochkrassen fan de bulten oan burokratyske regels, troch lokaal belied te bepalen. Promoasje fan it keapjen fan lokale produkten yn ús gemeente. Sûn wetterbehear yn ús omkriten, wiet wêr't it kin, droech wêr't it moat. Promoasje fan agrarysk natuerbehear, gearwurkje mei FLAN.

11. Earmoed

De VPO wol der wêze foar har ynweners mei in lytser budzjet. Hjirby wolle wy earder tagonklik wêze as minsken yn'e problemen driigje te reitsjen, sadat in nei ûnderen geande spiraal foarkommen wurde kin, dit troch middel fan in ferbettering fan de sosjale gearhing. Aktive opstelling gemeente yn it bestriden fan earmoed, in itensbank moat net noadich wêze yn ús gemeente. Dêryn bettere begelieding organisjearje. Regels partisipaasjewet ferromje, skoalswimmen wer fergees meitsje. Ynwenners moatte better troch de gemeente holpen wurde troch it better útjaan fan ynformaasje en rjochten.

12. Kommersjalisasje

De VPO wol mear bedriuwen oanlûke mei as doel mear wurkgelegenheid yn'e gemeente. Dêrby moat de gemeente har kommersjeler opstelle. Dit om mear aktiviteiten yn de gemeente te realisearjen, wêrtroch de ynvestearings troch dizze bedriuwen tanimme sille. Nije ûndernimmers helpe by it starten fan har bedriuw troch middel fan net te folle fêsthâlde oan grûnprizen en wa wit mear bedriuwsbou troch subsydzjes, adfys en kofinansiering. Mear bedriuwen soargje foar mear wurkgelegenheid, mear ynweners en hjir mei foar mear belastingjild. Mear frijheid yn bou, makliker fergunnings útjaan. Leechstân Stationsstrjitte tsjingeane troch legere hierprizen.

13. Kultuerbehâld

Kultuerbehâld is it bewarjen en ûnderhâlden fan de kulturele skiednis yn tastbere en sichtbere foarm, wêrby't dizze foarmen foar immen dy't belangstelling hat altyd tagonklik wêze moat. Ek binne noarmen en wearden hjir fan grutte ynfloed op en moatte dus behâlden wurde. It trochsetten fan dizze noarmen en wearden binne dêrmei ûnmisber foar ús kultuerbehâld. Us gemeente hat in moaie, rike en histoaryske kultuer dy't de VPO behâlde wol. Dit kin troch hjir nije en besteande ynweners oer te ynformearjen. Om it breder te dielen kinne aktiviteiten organisearde wurde. De burokrazy om wat te organisearjen moat hjirfoar ek minder. It meitsjen fan in bettere ferbining tusken de gemeente, horeka, kultuerstichtingen en lokale ûndernimmers. Op dizze manier wolle wy koartere linen mooglik meitsje om sadwaande makliker en mei mear gearwurking eveneminten te organisearjen.

14. Feilichheid

De VPO wol de feilichheid fan'e ynweners fergruetsje troch mear buerthelp yn te setten. In foardiel hjirfan is, dat men hjirmei in leechdrimpeligere tagong krijt, sadat knyppunten earder bekend wurde. Dit wurket de-eskalearend. In oar foardiel is mear feilichheid yn en bûten de doarpen. Ek kin men tinke oan it ynsetten fan BOA's op punten wêr't de ferkearsfeilichheid yn gefaar komt troch toeristyske of rekreative aktiviteiten.



15. Asylbeleid

Gjin aktive rol fan de gemeente, oanfragen fan it COA per alle kearen besjen. By it eventueel pleatsen fan flechtlingen as gemeente foar goeie ynboargering soargje. Tidens de ynboargering per persoan sjen wêr't de kânsen lizze foar it arbeidsproses om sadwaande in weardefolle situaasje te meitsjen foar eltsenien: de nije ynwenner, de ynwenners en de gemeente. By ynboargering oandacht foar de rol fan lânbou en kultuer yn ús gemeente.